[0500] IN FRYSK KENING YN IN KATALAENSKE ROMAN

Fryslân is djip sonken. Wie it sa'n 1250 jier lyn in keninkryk mei in eigen keningshûs, spile it in wrâldpolitike rol mei't it him forsette tsjin de Frankyske opmars nei it Noarden, hie it in séhannel fan bitsjutting, nou, anno 1977, is it in ûnbilangrike provinsje fan it Nederlânske ryk, mei in wol hurd arbeidzjende, mar sober fortsjinjende en libjende bifolking, dy't ekonomysk efterbliuwt by de rest fan it ryk en dy't pynlike klear it mark draecht fan de faeije ierlitting, dy't hja troch in ieuwenlange emigraesje ûndergien hat. Al hoecht men it âlde Fryslân net to idéalisearjen - wy witte der ommers mar in bytsje fan - de dékadinsje fan nou is ûntsjinstriidber, al wurde der jit altiten Fryske fersen - en net sokke minne - skreaun.

Yn 719 gyng it keninkryk Fryslân ûnder, mar it is nuver hoe lang 't it dêrnei jit yn de holle omteistere hat as in sêgeryk fier yn it Noarden, "earne" yn it Noarden, in ryk, mei dizenige, ûnbistimbere grinzen, helte greater as it tsjinwurdige Westerlauwerske Fryslân. Barbara Nelson Sargent helle dêr yn de tige ynteressante *Estrik XXXV* (Grins, 1963) de romte fan foarbylden fan oan. Jean Jouffroy spriek yn 1448 bygelyks fan 'Fresia etiam, quondam potentissimum regium, que Dacos attingit, Scitas penetrat', hwat hja mei rjucht en reden 'a wildly exaggerated mention' neamt. Mar ek in Gilles de Bouvier, in tiidmaet fan Jouffroy, rekkenet dochs Lübeck, Bremen en Hamboarch by Fryslân en sa soe men trochgean kinne. En in ieu letter wiene de Fryske grinzen dochs nòch folle wider as nou, sa't bliken dwaen kin út de tinkskriften fan in dapper Spaensk soldaet en earlik admestrator, dy't hjir in skoft as gouverneur tahâlden hat, út it kommentaer fan de kolonel Francisco Verdugo. De folsleine titel fan dit wurk is: *Commentario del coronel Francisco Verdugo de la guerra de Frisa en XIII anos que fue governador y capitán-general de aquel estado y exercito por el rey D. Phelipe II, nuestro senor,* en wy sjugge, hy praet net fan Nederlânske, mar fan Fryske oarloch. Foar him liket Fryslân sahwat mei hiele Noard-Nederlân gear to fallen. Wy fornimme nammers mear: wjerlûden fan de tradysjonele hate, dy't yn Hollân ieuwenlang foar Fryslân oer field waerd en dêr't wy by Jacob van Maerlant en oaren de spoaren fan fine. As Verdugo yn Hollân komt sizze hja him dêrre, dat gjin Fries to betrouwen is, hy mocht dan hier yn 'e hânpalms hawwe...

Ieuwen- en ieuwenlang nei de ûndergong fan it keninkryk wie Fryslân yn Jerope dus jit in faech, mitysk ryk. Yn de Frânske skriftekennisse libbet - Barbara Sargent hat it mei gâns oanhalen biwiizge - de figuer fan kening Redbad as hartoch of kening Rambaux taei yn forskate epen fierder. Sûnt it *Chanson de Roland* komme wy him hyltyd wer tsjin en der binne sels historici, Gaston Paris, Reiffen-

berg, Aebischer, dy't oannimme dat der ienkear in chanson de geste bistien hat mei de Fryske kening as haedfiguer.

En hoe stiet it mei de literatuer fan de oare (West-) Jeropeeske lannen? Soene dêr ek spoaren fan Frisia Magna en syn helthaftige foarst Redbad to finen wêze? Yn dit forbân moat grif neamd wurde dat de greate Spaenske toanielskriuwer Lope de Vega Carpio, de feniks fan de Spaenske ingenio's, nei't my in skoft lyn bliken die, bihalven hûnderten oare stikken ek ien skreaun hat, dat er *Rey de Frisia* doopte, mar dat spitigernôch forsille is. It stiet oanjown yn de saneamde Peregrino-listen, de listen mei titels, dy't tafoege binne oan Lope syn roman *Peregrino en su patria* en dy't ûnder oaren troch de Amerikaenske hispanist Griswold Morley bistudearre binne. Wy witte dus neat fan dit stik, sels net de namme dêr't Lope de Vega syn helt mei doopt hat. Wy kinne allinne mar hoopje, dat it noch ris in kear út ien of oar Spaensk archyf foar 't ljocht komme sil en as soks net bart, dat wy dan dochs materiael ûntdekke, dat ús yn steat stelt om to bioardieljen, hoe't Lope syn Fryske kening sjoen hat. Hat ek hy in Redbad-figuer jaen wollen? En hat er dy dan posityf of negatyf skildere? Wy witte it net.

Lope syn *Rey de Frisia* wie lykwols net de earste Friezekening, dy't yn de Spaenske literatuer opdûkte. De Spaenske dramaskriuwer hat, goed hûndert jier earder, yn de Katalaen Joan Martorell in foargonger hawn. Martorell, in ealman út Valencia - sa't wy witte strekt him it Katalaenske taelgebiet nei it Suden oant de oare kant Valencia út - libbe yn de 15de ieu. Hy wie in man dy't hwat sjoen hie fan de wrâld. Yn 1438/39 makke er in reis nei Ingelân en it hat eigenskip, dat er jitris yn dat lân west hat. In suster fan sines wie troud mei de greate en al modern oandwaende dichter Ausiàs March. Nei syn (earste) Ingelske reis hat er it lytse traktaet *Guillem de Vàroic* - in katalanisearring fan de Ingelske namme Guy de Warwick - skreaun, dêr't er syn tinkbylden oer de oarsprong, de bidoelingen en de bigjinsels fan it ridderwêzen yn út-inoarset, mar fierwei syn bikendst en bilangrykst wurk is de ridderroman Tirant lo Blanch, dy't, tusken 1460 en 1470 skreaun, yn 1490 to Valencia publisearre waerd en al ringen dêrnei yn it Kastyljaensk - de tael, dy't wy Spaensk pliigje to neamen - en it Italjaensk oerset. Ien fan de episoaden yn dy roman is troch Ariosto neifolge en hat via Bandello ynfloed hawn op Shakespeare. Cervantes sei fan dit wurk, dat it om syn tael ‘it bêste boek' fan de wrâld wie. Yn it lêst fan de 18de ieu waerd it jit yn it Frânsk oerset. In boek dat it 300 jier úthâldt, moat wol kwaliteiten hawwe, soe men sizze! It is binammen hjirom nijsgjirrich, omdat it net mear in âlderwetske ridderroman is. De idéewrâld, sa skriuwt Joaquim Molasyn diel III fan *Literatura catalana antiga* (Barcelona 1961), de idéewrâld fan it âlde, feudale ridderskip, dy't noch yn de 15de--ieuske romans libbe, ja yn it iere wurk fan Martorell sels, wurdt hjiryn troch in bourgeois tinkwize, in positi-

vistyske spotske geast oantaest. De roman hat in ko-auteur hawn, Martí Joan de Galba († 1490) en hwat dy der krekt oan dien hat, is net bikend, mar fan de fjouwer groepen aventûren, dy't Tirant bilibbet: yn Ingelân, op Sisylje en Rhodos, yn it Grykske Keizerryk, en Barbarije, hat Galba nei wierskyn allinne de beide lêste biarbeide èn in epilooch, dy't wer yn Konstantinopel spilet. Allinne Joan Martorell soe dus forantwurdlik wêze foar de episoades, dêr't de kening fan Fryslân yn nei foaren komt, hwant dy steane al yn it bigjin fan it boek.

Fan dat earste part foarmet it eardere wurk fan Martorell, *Guillem de Vàroic,* it stramyn, pas yn in letter haedstik - de haedstikyndieling is fan Galba - makket him de roman dêrfan los. Yn it earste stik wurdt biskreaun hoe't de helt Guillem de Vàroic (Guy de Warwick), dy't nei in romrofte ridderkarrière hearremyt wurden is, de Ingelske kening út de niten helpt, as dy troch in ynfal fan Sarrasenen (heidens) bidrige wurdt. Dan trout de kening en wurde oan syn hôf greate feesten en wapenfeiten organisearre, dêr't ek in jonge Bretonske ridder, Tirant lo Blanch, op ôfgiet. Sawol foar- as neitiid praet er mei Guillem, dy't wer hearremyt wurden is, en as dy him freget hwa't op dy feesten de greate pommerant west hat, hearre wy de stoarje fan Tirant syn heltedieden, net út syn eigen mûle, hwant hỳ swijt fansels, mar út dy fan syn freon Diafebus. Wy hearre hoe't Tirant lo Blanch earst de kening trou swart, hoe't him troch sawn fammen en fjouwer ridders in wapenris oantein wurdt en dat er dan in stikmennich ridders forslacht en de wynhoun fan de Prins fan Wales mei de bleate fûsten deadet. Dêrnei moat er it opnimme tsjin fjouwer ridders, dy't yncognito nei Ingelân reizge binne om de feesten by to wenjen. Letter docht bliken, dat wiene de hartoggen fan Beijeren en Bûrgonje, de kening fan "Apol.lònia" èn de kening fan Fryslân. Eltsenien wie forheard fan har rykdom en wielde, en binammen fan de fjouwer nuete liuwen, dy't hja by har hienen en dy't as boadskippers tsjinst dienen. (Yn *La Dame a la licorne* komt de helt, le beau chevalier au lyon, ek út Fryslân, dielt Barbara Sargent mei). As ridders trotten hja elke tsjinstanner út om de striid mei har oan to gean. Tirant lo Blanch nimt dat oan en wit har fansels ien foar ien lytsman to meitsjen en to deijen. Dan heart Tirant earst fan syn tsjinner Maldonat, dy't ûnderwyls in séreis makke hat, hwa't syn tsjinstanners west hawwe en docht bliken, dat Maldonat ek út Fryslân fandinne is. Ek ridder Kirieleison de Muntalbà, in reus, tige great, sterker en dapperder as hwa ek, 'grif in tige mânsk ridder, ' heart, dat syn hear, de kening fan Fryslân, fallen is en bislút om wrek to nimmen op Tirant. Hy stjûrt dus de Bretonske helt in "lletra de batalla", dêr't er him yn útdaget en Tirant nimt dit útstel fansels oan, mar ear't it sa fier is wol Kirieleison it grêf fan syn kening noch in kear opsykje en as er it op 'e tombe farve wapen fan Tirant sjucht, wurdt er breinroer en skriemt er, 'ab lo cap hi doné de

tants grans colps que, quasi mig esmortit lo'n llevá lo Príncep e los altres que allí eren' (hy raemde der mei de holle sa hurd tsjin oan, dat er heal bûten bisleur troch de Prins en de oaren dy't der wiene, meinommen waerd). Doe’t er wer werom wie, iepene er it deafet en seach syn hear yn de steat, dêr't er yn forkearde en hy waerd sa troch smert oangrypt en tagelyk troch sa'n grime, dat de galle him barstte en hy op 'e sté stoar. Syn broer Tomàs de Muntalbà stapt lykwols yn syn plak, mar de kampioen moat bilies jaen foar it fjuchtersgewelt fan Tirant, dy't him genede oanbiedt. Mar as Tomàs dat oannimt, forklearje de kamprjuchters dat er falsk en earleas is, gjin ridder mear. De man wurdt dan mar muonts yn de oarder fan Sint Franciscus.

Dêrmei is de rol fan guon "Fryske" figueren yn de Tirant lo Blanch útspile en it is net sa noflik, mar wier, dat dy rol net yn alle ding earfol is. Martin de Riquer, nimt yn de lêste útjefte (Barcelona 1969) nammers oan dat de namme fan de kampioen fan de Fryske kening, Kirieleison de Muntalbà, dy't him sa tjirge by it lyk fan syn hear, humoristysk bidoeld en binammen dêrom by Cervantes yn 'e smaek fallen is. Syn broer Tomàs is nammers ek gjin helt, hy freget Tirant skandlikernôch om genede. Allinne de kening sels hâldt syn blasoen skjin en giet sûnder kik of mik de dea yn. Professor Riquer, en mei him de Ingelske romanist Entwistle, is nammers fan bitinken dat beide persoanen troch de skriuwer útfoun binne om in don Gonçalvo d'Hijar, "comanador" fan Muntalbà, mei hwa't er deilis wie, to nytgjen. As Martorell der nou mar gjin djippere bidoelingen mei hawn hat om krekt de Fryske kening, en net syn kollega fan Apol.lònia of de hartoggen fan Bûrgonje en Beijeren, in folchskip fan twa ridders fan de drôvige figuer to jaen, dêr't de iene fan al krepeart ear't de boel los is en de oare him net as in man, mar as in âld wiif hâldt en draecht. Hja koene wrychtich wol de prototypes wêze fan lettere Fryske (Biwegings)helten!

Benajarafe (Málaga) *G. N. Visser*

Literatuer:

S. Griswold Morley, Lope's Peregrino Lists. Yn: University of California Publications in Modern Philology XIV (1930) n. 5, s. 345-366.